

Frustraasjebloes

útbrocht op de LP en CD "frustraasjebloes"

as lytse poppe moast ik altyd yn't bad	E	E7
dan krige ik sa de smoar yn as wat	A7	E
no simmers oan it strân krijst my net mear yn see	B7	A7
al roppe se: kom mei ju!, ik sis fan nee	B7	A7
ik gean noch leaver nei hûs	B7	A7
frustraasjebloes	E	B7

as jonkje op skoalle hie'k ek net bêst
ik krig' altyd op myn soademiters fan de rest
dêrom gie ik doe nei de Pabo ta
en as ik aanst myn eigen klasse ha
dan pak ik se werom by de rûs
frustraasjebloes

ús mem dy hat my altyd leard
omslaan mei famkes is ferkeard
no wol ik wolris wat, mar dat mislearret eltse kear
want ik behearskje mysels net mear
en ik taast fuort mei in smoes
yn har frustraasjebloes

dan spylje ik mar wat op myn gitaar
mar de minsekn fine myn muzyk mar raar
dochs sil ik ienris in namme ha
dan meitsje ik in CD as twa
mei grutte letters op 'e hoes:
FRUSTRATIONBLUES

gjin minske harket ea nei my	E	E7
ik sit der mar sabeare by	A7	E
dêrom haw ik my hjir te sjongen set	B7	A7
jim moatte wol harkje as jim wolle of net	B7	A7
dat duorret faaks wol oant de nacht ta	B7	A7
dat hiene jim grif net ferwachte	B7	A7
mar dat jout my sa'n machtich gefoel	B7	A7
as jim begripe wat ik bedoel	B7	A7
want eltsenien dy heart hjir nei myn bloes	B7	A7
frustraasjebloes	E	A7 E